



Orgaan foar de Fryske taal

Demisjonêr minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
o.f. mr. J.J.M. Uitermark
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 26 septimber 2025

Achte demisjonêr minister Uitermark,

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal, it Wurkprogramma 2026/2027 oan. By it ta stân kommen hjirfan binne amtneren fan sawol it ministearje fan BZK as de provinsje Fryslân behelpsum west, dêr binne wy tankber foar. De deputearre fan taal en taalûnderwiis fan de provinsje Fryslân, Eke Folkerts, krijt it wurkprogramma tagelyk.

Mei freonlike groetnis,

Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Taheakkke:
Wurkprogramma DINGtiid 2026/2027

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Wurkprogramma 2026/2027

Yn 2026 set DINGtiid útein mei in nij twajierliks wurkprogramma. De fêststelling fan it wurkprogramma troch Ryk en Provinsje betsjut dat DINGtiid frege wurdt om de trajekten yn it wurkprogramma út te fieren. Nei de simmer fan 2026 sil in update fan de fuortgong levere wurde. Fierder kinne tuskentoch altiten, yn goed oerlis, oanpassings oan it wurkprogramma plakfine. Oan de ein fan dit Wurkprogramma is ynformaasje opnommen oer de taakopfetting en wurkwize fan DINGtiid.

Langetermynambysje foar it Frysk

Oanrin

Ein 2022 is yn de Twadde Keamer in moasje¹ oannaam dy't te krijen hat mei de fyzje op de takomst fan de Fryske taal. Dat rekket oan in kwestje dêr't DINGtiid al sûnt in oantal jierren geregeldwei op weromkomt, yn ús advizen en ek yn de oerlizen mei ús primêre advyspartners (Ryk en Provinsje) en mei de Committee of Experts (ComEx) fan de Ried fan Europa: der is gjin 'stip op de hoarizon'. Nettsjinsteande dat der ambysjes binne dy't fierder rikke as in pear jier², is in allesomfiemjende en breeddroegen langetermynambysje foar it Frysk nea formulearre. Sa'n ambysje moat it perspektyf biede dêr't Fryske partners mei-inoar nei ta wurkje kinne en moat rjochting jaan oan alle foarmen fan dielbelied op it mêd fan it Frysk – lykas ûnderwiisbelied of mediabelied.³

Status

Ein 2023 hawwe bestjoer en stêf fan DINGtiid in ynspirearjende wurkbesite brocht oan Wales, dy't nijsgjirrige ynsjoggen oplevere hat foar ús fyzje op de langetermynambysje mei it Frysk. Dy ynsjoggen binne ûnder oaren ferwurke yn ús advysreaksje op de BFTK 2024-2028 oan Ryk en Provinsje Fryslân as tema op himsels, mar ek ferwurke yn ús advysdossiers oer spesifike tema's lykas ûnderwiis of media. Yn desimber 2023 ha Provinsjale Steaten in moasje (mei yn juny 2024 in amendemint dêrop) oannaam dy't wol dat it Steatekomitee Frysk in rûte útleit nei it doel sa't de Steaten dat oannaam ha: in folslein twatalich Fryslân yn 2051. Om't DINGtiid en it Steatekomitee Frysk dizze matearje út ferskillende rollen en ferantwurdlikheden wei benaderje, is it wichtich om te wurkjen op in wize dy't oan dy rollen en ferantwurdlikheden rjocht docht, mar dochs gjin effisjinsjeferlies betsjut. DINGtiid en it Steatekomitee Frysk ha dêr oerlis oer fierd, dat derta laat hat dat DINGtiid syn wurk oan dit dossier oars ynrjochtsje sil as dat yn it foarrige Wurkprogramma foarsjoen wie.

¹ [Moasje nr. 36200-135](#)

² *Taalplan Frysk 2030* is in goed foarbyld.

³ In ynternasjonale foarbyld fan sa'n langetermynambysje is *Cymraeg 2050*, de Welske strategy om yn 2050 ien miljoen Welsksprekkers hawwe te wollen. Sjoch: <https://www.gov.wales/sites/default/files/publications/2018-12/cymraeg-2050-welsh-language-strategy.pdf>

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

Yn de kommende perioade wolte wy, yn gearspraak mei Ryk en Provinsje Fryslân (wêrûnder it Steatekomitee Frysk), fierder wurkje oan it trajekt oangeande de langetermynambysje foar it Frysk. DINGtiid fynt it wichtich dat de folgjende BFTK (2029-2033) in dúdlike ambysje en gearhingjende ideeën oer de útfiering befettet, mei it jier 2051 (sekuer 100 jier nei Kneppelfreed) as oriïntaaspunt.⁴

DINGtiid sil yn 2026 in ynternasjonale 'expert meeting' belizze oer dizze matearje, en dêrby it Steatekomitee Frysk as gast útnûgje. It doel is om ynternasjonale ynput oer de kânsen en falkûlen fan sa'n langetermynambysje foar in lytse taal te ynventarisearjen. Fan dy ynput kin DINGtiid gebrûk meitsje om te reagearjen op it inisjatyfútstel sa't it Steatekomitee Frysk dat foarlizze sil oan Provinsjale Steaten. Dat sil wierskynlik liede ta in opdracht fan Provinsjale Steaten oan Deputearre Steaten. Deputearre Steaten kin dan it advys fan DINGtiid freegje en meinimme yn harren reaksje op en útfiering fan dat inisjatyfútstel. DINGtiid kin syn advys pas útbringe nei't it Steatekomitee Frysk syn stik oanlevere hat; dat sil neffens ferwachting net earder as yn it earste fearnsjier fan 2027 wêze.

Lanlike Kennistafel Frysk

Oanrin

Yn in Twadde Keamer-moasje (desimber 2022) is it Ryk frege om ûndersyk te dwaan nei it ynstellen fan in lanlik gremium oangeande it Frysk om sa de Ryksbelutsenens by de Fryske taal en kultuer te fergrutsjen en te boargjen.⁵ BZK hat op 5 july 2023 it fersyk by DINGtiid dellein om te advisearjen oer de winsklikheid, opdracht en gearstalling fan sa'n oerlisput.

Status

Op 16 novimber 2024 hat DINGtiid syn advys 'Ta in lanlike kennistafel Frysk' oanbean.⁶ Yn it advys stelt DINGtiid dat sa'n lanlike kennistafel Frysk perfoarst winsklik is. Mei de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen en Talen fan Minderheden (1996) en it ynstellen fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) hat Nederlân ûnderkend dat it Frysk in nasjonale taal is yn Fryslân, en dat dy taal beskerming en befoarderding nedich hat.⁷ Yn in kabinetsreaksje fan 18 septimber 2025 stiet dat it Ryk ús advys oernimt om in Lanlike Kennistafel Frysk yn te rjochtsjen.⁸

⁴ It belang fan dit advystrajekt is yn 2023 ûnderskreaun troch û.o. Twadde Keamerlid Harry Bevers en de foarsitter fan it Steatekomitee Frysk, Attje Meekma.

⁵ [Moasje 36200-132](#)

⁶ <https://dingtiid.frl/advys-ta-in-lanlike-kennistafel-frysk-op-kneppelfreed/>

⁷ Sjoch ek de brief fan Deputearre Steaten fan Provinsje Fryslân oan BZK:

<https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2025/09/20250325-Provinsje-Fryslan-DS-oan-BZK-02351458-brief-oan-minister-25-maart-2.pdf>

⁸ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2024/11/Beslisnota-bij-Kamerbrief-Reactie-op-het-advies-DINGtiid-t.a.v.-Landelijke-Kennistafel-Fries.pdf>

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

Us advys fan 2024 moat sjoen wurde as in goed trochtocht foarstel, dat lykwols yn in breder fermidden fierder bepraat wurde moatte sil om draachflak te krijen oangeande beminsking, agindearring, evaluaasje en útfiering. DINGtiid bliuwt yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 by de kennistafel behelle, bygelyks om yn de opstartfaze taakstelling en agindearring op gong te helpen. Dêrnei wurdt DINGtiid, sa is de ferwachting, permanint taharkjend lid fan dy kennistafel. It liket ús winsklik om yn it ramt fan dit dossier yn 2026 (en eventueel fannijs yn 2027) in DINGpetear yn De Haach te belizzen, as in foarm fan fjildkonsultaasje om ynput foar de kennistafel te krijen.

Frysk yn it rjocht

Oanrin

Op basis fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) hat DINGtiid yn 2022 en 2023 fannijs konstruktive petearen fierd mei bestjoerders fan de rjochtbank en it gerjochtshôf oer de winsk om it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal leechdrompeliger te meitsjen en sa de kwaliteit fan de rjochtspraak helpe te ferbetterjen.

Status

Yn novimber 2023 fûn yn it Paleis fan Justysje yn Ljouwert de jierlikse DINGtiid-lêzing plak oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak.⁹ De DINGtiid-lêzing resultearre ta it oprjochtsjen fan in ynterne wurkgroep foar sawol it gerjochtshôf as ien foar de rjochtbank, mei dêryn sawol rjochters as oare meiwurkers. Yn 2024 en 2025 binne dizze wurkgroepen ferskate kearen byinoar kaam om te praten oer de hjoeddeistige taalsituaasje binnen de rjochtbank en it gerjochtshôf en de beliedsmjittige stappen dy't yn dat ramt set wurde kinne soenen. Dêrneist hawwe de rjochtbank en it gerjochtshôf in mienskiplike bestjoerlike wurkgroep, dêr't ek DINGtiid as taharker by oanskoot.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

DINGtiid sil yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 yn de niisneamde bestjoerlike wurkgroep meitinke oer in plan fan oanpak foar it opsetten fan taalbelied binnen de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en oerlis fiere mei oare belutsen aktoaren lykas Iepenbier Ministearje, advokatuer, slachtofferhelp en wetjaande macht.

Tuskenrapportazje BFTK 2024-2028

Oanrin

Neffens de Wet gebrûk Fryske taal (2014) hat DINGtiid ta taak om te advisearjen oer it ta stân kommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Yn 2024 is de notiidske BFTK (2024-2028) ûndertekene.

⁹ Mear oer de DINGtiid-lêzing 2023: <https://dingtiid.frl/nl/sfeerimpressie-dingtiid-lezing-2023-taal-en-recht-de-positieve-impact-van-fries-op-de-rechtspraak/>

Status

It Twadde Keamer-debat oer de BFTK en dus ek oer it DINGtiidadvys dêrby, hat noch altiten net plakfûn.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

Yn 2026/2027 sille Ryk en Provinsje in tuskenevaluaasje fan de rinnende BFTK útfiere. DINGtiid sil syn wetlike taak yn dat proses útfiere.¹⁰ Dêrby sil gearwurke wurde mei Ryk, Provinsje, stakeholders en belutsenen yn it fjild. De koördinaasje fan de evaluaasje leit by de BFTK-partners sels.

Fryske literatuer

Oanrin

Op 1 july 2025 hawwe Provinsje Fryslân en it Nederlands Letterenfonds (fallend ûnder it ministearje fan OCW) in advysfersyk by DINGtiid yntsjinne oer subsidzjeregelingen omtrint de Fryske literatuer. De provinsje wol it belied op it mêd fan de Fryske (opfette as Frysktalige) literatuer graach trochûntwikkelje. It fersyk oan DINGtiid is om, ûnder oaren op basis fan ynterviews mei partijen út it fjild, neier te ûndersykjen hoe't en oft de literêre subsidzjeregelingen oanslute op it ferlet en de ûntwikkelings yn it literêre fjild. Dêrby wurdt ek besjoen oft de regelingen fan de beide organisaasjes goed op inoar oanslute of net. It ûndersyk soe ek ynsjoch jaan moatte yn de hjoeddeiske en winsklike rol fan Provinsje en Letterefûns (en evt. oare fûnsen) yn it literêre fjild.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

DINGtiid sil yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 oan dit advysfersyk foldwaan. It ûndersyk sil útfierd wurde yn 2026 en is rjochte op mooglike oanpassingen binnen de beliedsperioade 2025-2028, sadat dy dan ek bydrage kinne oan it beheljen fan de doelen út de BFTK 2024-2028 en meinaam wurde kinne yn de Tuskenevaluaasje fan dy BFTK. Yn it ramt fan dit advystrajekt is DINGtiid fan plan om yn 2026 in stúdzjereis te meitsjen, mei as doel ynformaasje te garjen oer de kultuersektor yn oare minderheidstaalgebieten en de relaasje fan dy sektor ta de oerheden yn dat gebiet.

De posysje fan it Frysk yn it demokratysk proses

Oanrin

Yn de simmer fan 2025 hat BZK in fersyk by DINGtiid dellein om in ferkenning te dwaan nei mooglikheden om de posysje en sichtberens fan it Frysk yn it demokratysk proses te fersterkjen, wat ommers ek helpe kin om de belutsenens fan boargers te fergrutsjen.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

Yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 sil DINGtiid de ferkenning útfiere, dêr't ek de Kiesraad by rieplachte wurde sil.

¹⁰ Sjoch foar dy wetlike rol de Wet gebrûk Fryske taal (2014), haadstik 4, artikel 19.2.b.

Netwurk Taaladvyskolleezjes

Oanrin

Fanút de winsklikheid fan in sterke, objektive en duorsume taaladvysstruktuer en nei oerlis mei fertsjintwurdigers fan Nederlânske Gebeartetaal en Papiamintsk, hat BZK yn de simmer fan 2025 in fersyk by DINGtiid dellein om ûndersyk te dwaan nei de optimale foarm en ynrjochting fan in ûnôfhinklik netwurk fan advyskolleezjes foar offisjele en/of ûnder Diel III fan it Europeesk Hânfêst erkende lytse talen yn it Keninkryk fan de Nederlannen.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

Yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 sil DINGtiid, yn goed oparbeidzjen mei fertsjintwurdigers fan de oare oangeande talen, ûndersykje hoe't in ûnôfhinklik netwurk fan advyskolleezjes helpe kin om kennis út te wikselen en effisjinsje te berikken. It einadvys sil ek troch de fertsjintwurdigers fan Nederlânske Gebeartetaal en Papiamintsk droegen wurde.

Konsultaasjeronde Committee of Experts

Oanrin

De Ried fan Europa fiert periodyk konsultaasjes út om te beoardielen oft lidsteaten, werûnder Nederlân, foldogge oan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden.

Status

Yn juny 2022 fûn de lêste konsultaasjebesite plak yn Fryslân.¹¹ Op 1 juny 2026 moat Nederlân syn folgende 'State Report' oanleverje, as tarieding op de folgjende besite fan de Committee of Experts fan de Ried fan Europa yn 2027.

Utfiering Wurkprogramma 2026/2027

As de Committee of Experts fan de Ried fan Europa yn 2027 wer in besite bringt oan Fryslân sil der, lykas wenst, in petear mei it bestjoer fan DINGtiid plakfine.

¹¹ Periodyk oersjoch foar Nederlân: [https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#{%2228993157%22:\[13\]}](https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#{%2228993157%22:[13]})

DINGtiid: taakopfetting en wurkwize

De Wet gebrûk Fryske taal is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Dy wet regelet it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Haadstik 4 bepaalt dat der in orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen; dat orgaan hjit DINGtiid. Yn artikel 22 is fierder bepaald dat it orgaan twajierliks in wurkprogramma foarleit oan de minister. DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer ferlet en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal, it Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden en it Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en gerjochtlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (BZK) en oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân oer it ta stân kommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, en biedt harren stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal. Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk.

Wy ha ferskillende wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt advysbrieven oan bewâldsliu en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde dat rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minysympoasia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringe wy saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biede wy de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedjipje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'. DINGtiid ûndernimt, yn it ramt fan syn advystrajekten, út en troch ek stúdzjereizen nei oare minderheidstaalgebieten om ynput op te heljen.

Yn 2022 is DINGtiid úteinset mei de jierlikse DINGtiid-lêzing. Troch in spesifyk tema, relatearre oan it Frysk en de BFTK, sintraal te stellen, wol DINGtiid minsken yn ferskillende wurkfjilden mei-inoar yn de kunde komme litte. Boppedat foarsjocht DINGtiid sa de Fryske mienskip fan kennis en perspektyf, mar fuorje wy ek ússels mei praktykynformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen.

Sûnt maaie 2023 hat DINGtiid in jongereinpanel fan tolve 'Asega's', besteande út jonge Friezen dy't ynput leverje foar it advyswurk fan DINGtiid.¹²

¹² Sjoch foar de oanlieding en profilen: <https://dingtiid.frl/jongere-panel-fan-asegas-helpt-dingtiid-mei-frysk-taaladvys/>

Demissionair minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
t.a.v. mr. J.J.M. Uitermark
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 26 september 2025

Geachte demissionair minister Uitermark,

Hierbij bied ik u namens het bestuur van DINGtiid, het Orgaan voor de Friese taal, het Werkprogramma 2026/2027 aan. Bij het tot stand komen hebben ambtenaren van zowel het ministerie van BZK als de provincie Fryslân een helpende hand geboden, hier zijn we dankbaar voor. De gedeputeerde van taal en taalonderwijs van de provincie Fryslân, Eke Folkerts, krijgt het werkprogramma tegelijkertijd.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

Bijlage:
Werkprogramma DINGtiid 2026/2027

Werkprogramma 2026/2027

In 2026 begint DINGtiid met een nieuw tweejaarlijks werkprogramma. De vaststelling van het werkprogramma door Rijk en Provincie betekent dat DINGtiid wordt gevraagd om de trajecten in het werkprogramma uit te voeren. Na de zomer van 2026 zal een update van de voortgang worden geleverd. Verder kunnen tussendoor altijd, in goed overleg, aanpassingen aan het werkprogramma plaatsvinden. Aan het eind van dit Werkprogramma is informatie opgenomen over de taakopvatting en werkwijze van DINGtiid.

Langetermijnambitie voor het Fries

Aanloop

Eind 2022 is in de Tweede Kamer een motie¹³ aangenomen die te maken heeft met de visie op de toekomst van de Friese taal. Dat raakt aan een kwestie waar DINGtiid al meerdere jaren regelmatig op terugkomt, in onze adviezen en ook in de overleggen met onze primaire adviespartners (Rijk en Provincie) en met de Committee of Experts (ComEx) van de Raad van Europa: er is geen 'stip op de horizon'. Weliswaar zijn er ambities die verder reiken dan enkele jaren¹⁴, maar een allesomvattende en breedgedragen langetermijnambitie voor het Fries is nooit geformuleerd. Zo'n ambitie moet het perspectief bieden waar Friese partners samen naar toe kunnen werken en moet richting geven aan alle vormen van deelbeleid op het gebied van het Fries – zoals onderwijsbeleid of mediabeleid.¹⁵

Status

Eind 2023 hebben bestuur en staf van DINGtiid een inspirerend werkbezoek gebracht aan Wales, wat interessante inzichten heeft opgeleverd voor onze visie op de langetermijnambitie met het Fries. Die inzichten zijn onder andere verwerkt in onze adviesreactie op de BFTK 2024-2028 aan Rijk en Provincie Fryslân als op zichzelf staand thema, maar ook verwerkt in onze adviesdossiers over specifieke thema's als onderwijs of media. In december 2023 hebben Provinciale Staten een motie (met in juni 2024 een amendement daarop) aangenomen die wil dat het Steatekomitee Frysk een route uitstippelt naar het doel zoals de Staten dat hebben aangenomen: een volledig tweetalig Fryslân in 2051. Omdat DINGtiid en het Steatekomitee Frysk deze materie vanuit verschillende rollen en verantwoordelijkheden benaderen, is het belangrijk om te werken op een manier die recht doet aan die rollen en verantwoordelijkheden, maar toch geen efficiëntieverlies betekent. DINGtiid en het Steatekomitee Frysk hebben overleg hierover gevoerd, wat ertoe heeft geleid dat DINGtiid zijn werk aan dit dossier anders zal inrichten dan in het vorige Werkprogramma was voorzien.

¹³ [Motie nr. 36200-135](#)

¹⁴ *Taalplan Frysk 2030* is een goed voorbeeld.

¹⁵ Een internationaal voorbeeld van zo'n langetermijnambitie is *Cymraeg 2050*, de Welshe strategie om in 2050 één miljoen Welshsprekers te willen hebben. Zie: <https://www.gov.wales/sites/default/files/publications/2018-12/cymraeg-2050-welsh-language-strategy.pdf>

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

In de komende periode willen wij, in samenspraak met Rijk en Provincie Fryslân (waaronder het Steatekomitee Frysk) verder werken aan het traject rond de langetermijnambitie voor het Fries. DINGtiid vindt het belangrijk dat de volgende BFTK (2029-2033) een duidelijke ambitie en samenhangende ideeën over de uitvoering bevat, met het jaar 2051 (precies 100 jaar na Kneppelfreed) als oriëntatiepunt.¹⁶

DINGtiid gaat in 2026 een internationale 'expert meeting' beleggen over deze materie, en zal hierbij het Steatekomitee Frysk als gast uitnodigen. Het doel is om internationale input over de kansen en valkuilen van zo'n langetermijnambitie voor een kleine taal te inventariseren. Van deze input kan DINGtiid gebruik maken om te reageren op het initiatiefvoorstel zoals het Steatekomitee Frysk dat zal voorleggen aan Provinciale Staten. Dat zal waarschijnlijk leiden tot een opdracht van Provinciale Staten aan Gedeputeerde Staten. Gedeputeerde Staten kunnen dan advies van DINGtiid vragen en meenemen in hun reactie op en uitvoering van dat initiatiefvoorstel. DINGtiid kan zijn advies pas uitbrengen, nadat het Steatekomitee Frysk zijn stuk heeft aangeleverd; dat zal naar verwachting niet eerder zijn dan in het eerste kwartaal van 2027.

Landelijke Kennistafel Fries

Aanloop

In een Tweede Kamermotie (december 2022) is het Rijk gevraagd om onderzoek te doen naar het instellen van een landelijk gremium betreffende het Fries om zo de Rijksbetrokkenheid bij de Friese taal en cultuur te vergroten en te borgen.¹⁷ BZK heeft op 5 juli 2023 het verzoek bij DINGtiid neergelegd om te adviseren over de wenselijkheid, opdracht en samenstelling van zo'n overlegpunt.

Status

Op 16 november 2024 heeft DINGtiid zijn advies 'Tot een landelijke kennistafel Fries' aangeboden.¹⁸ In het advies stelt DINGtiid dat zo'n landelijke kennistafel Fries absoluut wenselijk is. Met de ratificatie van het Europees Handvest voor Regionale Talen en Talen van Minderheden (1996) en het instellen van de Wet gebruik Friese taal (2014) heeft Nederland onderkend dat het Fries een nationale taal is in Fryslân, en dat die taal bescherming en bevordering nodig heeft.¹⁹ In een kabinetsreactie van 18 september 2025 staat dat het Rijk ons advies overneemt om een Landelijke Kennistafel Fries in te richten.²⁰

¹⁶ Het belang van dit adviestraject is in 2023 onderschreven door o.a. Tweede Kamerlid Harry Bevers en de voorzitter van het Steatekomitee Frysk, Attje Meekma.

¹⁷ [Motie 36200-132](#).

¹⁸ <https://dingtiid.frl/nl/advies-tot-een-landelijke-kennistafel-fries-op-kneppelfreed/>

¹⁹ Zie ook de brief fan Gedeputeerde Staten van Provincie Fryslân aan BZK: <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2025/09/20250325-Provinsje-Fryslan-DS-oan-BZK-02351458-brief-oan-minister-25-maart-2.pdf>

²⁰ <https://dingtiid.frl/wp-content/uploads/2024/11/Beslisnota-bij-Kamerbrief-Reactie-op-het-advies-DINGtiid-t.a.v.-Landelijke-Kennistafel-Fries.pdf>

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

Ons advies van 2024 moet worden gezien als een goed doordacht voorstel, dat echter in een breder milieu verder zal moeten worden besproken om draagvlak te krijgen ten aanzien van bezetting, agendering, evaluatie en uitvoering. DINGtiid blijft in de periode van het Werkprogramma 2026/2027 bij de kennistafel betrokken, bijvoorbeeld om in de opstartfase taakstelling en agendering op gang te helpen. Daarna wordt DINGtiid, zo is de verwachting, permanent toehorend lid van die kennistafel. Het lijkt ons wenselijk om in het kader van dit dossier in 2026 (en eventueel opnieuw in 2027) een DINGpetear in Den Haag te beleggen, als een vorm van veldconsultatie om input voor de kennistafel te krijgen.

Fries in het recht

Aanloop

Op basis van de Wet gebruik Friese taal (2014) heeft DINGtiid in 2022 en 2023 opnieuw constructieve gesprekken gevoerd met bestuurders van de rechtbank en het gerechtshof over de wens om het gebruik van het Fries in de rechtszaal laagdrempeliger te maken en zo de kwaliteit van de rechtspraak te helpen verbeteren.

Status

In november 2023 vond in het Paleis van Justitie in Leeuwarden de jaarlijkse DINGtiid-lezing plaats over het gebruik van het Fries in de rechtspraak.²¹ De DINGtiid-lezing resulteerde tot het oprichten van een interne werkgroep voor zowel het gerechtshof als een voor de rechtbank, met daarin zowel rechters als andere medewerkers. In 2024 en 2025 zijn deze werkgroepen meerdere malen bij elkaar gekomen om te praten over de huidige taalsituatie binnen de rechtbank en het gerechtshof en de beleidsmatige stappen die in dat kader gezet zouden kunnen worden. Daarnaast hebben de rechtbank en het gerechtshof een gemeenschappelijke bestuurlijke werkgroep, waar ook DINGtiid als toehoorder bij aanschuift.

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

DINGtiid zal in de periode van het Werkprogramma 2026/2027 in zojuist genoemde werkgroep meedenken over een plan van aanpak voor het opzetten van taalbeleid binnen de Rechtbank Noord-Nederland en het Gerechtshof Arnhem-Leeuwarden en overleg voeren met andere betrokken actoren zoals Openbaar Ministerie, advocatuur, slachtofferhulp en wetgevende macht.

Tussenrapportage BFTK 2024-2028

Aanloop

Volgens de Wet gebruik Friese taal (2014) heeft DINGtiid de taak om te adviseren over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur (BFTK). In 2024 is de huidige BFTK (200-2028) ondertekend.

²¹ Meer over de DINGtiid-lezing 2023: <https://dingtiid.frl/nl/sfeerimpressie-dingtiid-lezing-2023-taal-en-recht-de-positieve-impact-van-fries-op-de-rechtspraak/>

Status

Het Tweede Kamerdebat over de BFTK en dus ook over het DINGtiidadvies daarbij, heeft nog steeds niet plaatsgevonden.

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

In 2026/2027 zullen Rijk en Provincie een tussenevaluatie van de lopende BFTK uitvoeren. DINGtiid zal in 2026 zijn wettelijke taak in dat proces uitvoeren.²² Hierbij zal samengewerkt worden met Rijk, Provincie, stakeholders en betrokkenen in het veld. De coördinatie van de evaluatie ligt bij de BFTK-partners zelf.

Friese literatuur

Aanloop

Op 1 juli 2025 hebben Provincie Fryslân en het Nederlands Letterenfonds (vallend onder het ministerie van OCW) een adviesverzoek ingediend bij DINGtiid over subsidieregelingen omtrent de Friese literatuur. De provincie wil het beleid op het gebied van de Friese (opgevat als Friestalige) literatuur graag doorontwikkelen. Het verzoek aan DINGtiid is om, onder andere op basis van interviews met partijen uit het veld, nader te onderzoeken hoe en of de literaire subsidieregelingen aansluiten op de behoefte en ontwikkelingen in het literaire veld. Daarbij wordt ook bekeken of de regelingen van de beide organisaties goed op elkaar aansluiten of niet. Het onderzoek zou ook inzicht moeten geven in de huidige en wenselijke rol van Provincie en Letterenfonds (en evt. andere fondsen) in het literaire veld.

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

DINGtiid zal in de periode van het Werkprogramma 2026/2027 aan dit adviesverzoek voldoen. Het onderzoek zal worden uitgevoerd in 2026 en is gericht op mogelijke aanpassingen binnen de beleidsperiode 2025-2028, zodat deze dan ook kunnen bijdragen aan het behalen van de doelen uit de BFTK 2024–2028 en kunnen worden meegenomen in de Tussenevaluatie van die BFTK. In het kader van dit adviestraject is DINGtiid van plan om in 2026 een studiereis te maken, met als doel informatie te verzamelen over de cultuursector in andere minderheidstaalgebieden en de relatie van die sector met de overheden in dat gebied.

De positie van het Fries in het democratisch proces

Aanloop

In de zomer van 2025 heeft BZK een verzoek bij DINGtiid neergelegd om een verkenning te doen naar mogelijkheden om de positie en zichtbaarheid van het Fries in het democratisch proces te versterken, wat immers ook kan helpen om de betrokkenheid van burgers te vergroten.

²² Zie voor die wettelijke rol de Wet gebruik Friese taal (2014), hoofdstuk 4, artikel 19.2.b.

Uitvoering

In de periode van het Werkprogramma 2026/2027 zal DINGtiid de verkenning uitvoeren, waarbij ook de Kiesraad zal worden geraadpleegd.

Netwerk Taaladviescolleges

Aanloop

Vanuit de wenselijkheid van een sterke, objectieve en duurzame taaladviesstructuur en na overleg met vertegenwoordigers van Nederlandse Gebarentaal en Papiaments, heeft BZK in de zomer van 2025 een verzoek bij DINGtiid neergelegd om onderzoek te doen naar de optimale vorm en inrichting van een onafhankelijk netwerk van adviescolleges voor officiële en/of onder Deel III van het Europees Handvest erkende kleine talen in het Koninkrijk der Nederlanden.

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

In de periode van het Werkprogramma 2026/2027 gaat DINGtiid, in goede samenwerking met vertegenwoordigers van de andere betreffende talen, onderzoeken hoe een onafhankelijk netwerk van adviescolleges kan helpen om kennis uit te wisselen en efficiëntie te bereiken. Het eindadvies zal ook door de vertegenwoordigers van Nederlandse Gebarentaal en Papiaments worden gedragen.

Consultatieronde Committee of Experts

Aanloop

De Raad van Europa voert periodiek consultaties uit om te beoordelen of lidstaten, waaronder Nederland, voldoen aan het Europees Handvest voor Regionale Talen of Talen van Minderheden en het Kaderverdrag voor de Bescherming van Nationale Minderheden.

Status

In juni 2022 vond het laatste consultatiebezoek plaats in Fryslân.²³ Op 1 juni 2026 moet Nederland zijn volgende 'State Report' aanleveren, als voorbereiding op het volgende bezoek van het Committee of Experts van de Raad van Europa in 2027.

Uitvoering Werkprogramma 2026/2027

Wanneer de Committee of Experts van de Raad van Europa in 2027 weer een bezoek brengt aan Fryslân zal er, zoals gebruikelijk, een gesprek met het bestuur van DINGtiid plaatsvinden.

²³ Periodiek overzicht voor Nederland: [https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#{%2228993157%22:\[13\]}](https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#{%2228993157%22:[13]})

DINGtiid: taakopvatting en werkwijze

De Wet gebruik Friese taal is op 1 januari 2014 van kracht geworden. Deze wet regelt het gebruik van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer. Hoofdstuk 4 bepaalt dat er een orgaan voor de Friese taal is, dat als taak heeft om de gelijke positie van de Friese en Nederlandse taal in Fryslân te bevorderen; dat orgaan heet DINGtiid. In artikel 22 is verder bepaald dat het orgaan tweejaarlijks een werkprogramma voorlegt aan de minister.

DINGtiid vervult zijn wettelijke taak door te rapporteren over de behoeften en wensen ten aanzien van de Friese taal en cultuur in relatie tot de Wet gebruik Friese taal, alsmede tot het Europees Handvest voor Regionale Talen of Talen van Minderheden en het Kaderverdrag inzake de Bescherming van Nationale Minderheden. Hierbij rapporteert DINGtiid aan overheden, bestuursorganen en rechterlijke instanties, voor zover die in de provincie Fryslân gevestigd zijn, dan wel de provincie Fryslân als werkgebied hebben. Verder adviseert DINGtiid aan de minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties (BZK) en aan Gedeputeerde Staten van de Provincie Fryslân over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafpraak Friese taal en Cultuur (BFTK) en de uitvoeringsconvenanten, en biedt hen ondersteuning bij het opstellen van regels en beleidsplannen, zoals bedoeld in art. 5 en 6 van de Wet gebruik Friese taal. Naast deze wettelijke taken bevordert DINGtiid ook de maatschappelijke discussie over het Fries.

We hebben verschillende manieren om de taken uit te voeren en de ambities te realiseren. Zo publiceert DINGtiid onderzoeken, adviezen en rapportages, en schrijft brieven aan bewindslieden en partijen uit het veld. Daarnaast voert DINGtiid gesprekken met partners en belanghebbenden op het gebied van de Friese taal. Zo nu en dan worden die gesprekken in een breder verband georganiseerd en worden het rondetafelgesprekken, die zelfs het karakter van minisymposia kunnen krijgen: de zogenoemde 'DINGpetearen'. Tijdens een DINGpetear brengt DINGtiid kennis en experts op het gebied van een bepaald onderwerp bij elkaar en bieden wij deelnemers achtergrond en inhoud om het onderwerp optimaal te kunnen doorgronden; zo gezien zijn DINGpetearen een vorm van 'veldconsultatie' of 'burgerconsultatie'. DINGtiid onderneemt, in het kader van zijn adviestrajecten, zo nu en dan ook studiereizen naar andere minderheidstaalgebieden om input op te halen. In 2022 heeft DINGtiid de jaarlijkse DINGtiid-lezing geïntroduceerd. Door een specifiek thema, gerelateerd aan het Fries en de BFTK, centraal te stellen, wil DINGtiid mensen in verschillende werkvelden met elkaar in contact brengen. Bovendien voorziet DINGtiid zo de Friese gemeenschap van kennis en perspectief, maar voedt het ook zichzelf met praktijkinformatie en nieuwe of veranderende inzichten.

Sinds mei 2023 heeft DINGtiid een jongerenpanel van twaalf 'Asega's', bestaande uit jonge Friezen die input leveren voor het advieswerk van DINGtiid.²⁴

²⁴ Zie voor de aanleiding en profielen: <https://dingtiid.frl/nl/jongerenpanel-van-asegas-helpt-dingtiid-met-fries-taaladvies/>